



doopsgezinde
gemeente
leeuwarden

Doopsgezinde Gemeente Leeuwarden

30 juny 2024

Foargonger: Geeske Bies

Oargelist: Simon Bouma

Tema: *Kom oerein, sis ik dy!*



* Meidielings en oanstekken fan de kears

* Bemoediging en groet

* Sjonge

Stil mar, myn siel

FNL 932: 1-4

1 Stil mar, myn siel. Hear net nei stim - men
dy't stri - de om dyn plak by God de Hear.
Skriem-sto yn leed, la - kest yn freug - de,
dyn hert yn ûn-stjoer fre - get mear.

2. Stil mar myn siel. Wês net ûnrêstich; sels frede sykje giet dy oer de macht. Begear gjin brea dat dy net sêdet of drinken dat gjin toarst ferslacht.

3. Sil mar, myn siel. Bûn oan dyn lichem fieltst elke miste kâns yn dyn bestean. God biedt de wrâld in himelglimke, bid datst it sjen meist en ferstean.

4. Stil mar, myn siel. Meist noait ferjitte dat God dy hoedzje wol dyn libben lang. Kristus ken al dyn pine en oanstriid, Hy ropt dy hjoed ta: 'Wês net bang.'

* Gebed

* Bibellêzing

Psalm 119: 9-16

* Muzikaal yntermezzo

Herre visa mig vägen

Taizé

* Bijbellezing

Marcus 5: 22-43



* Sjonge

Jo, Kristus woen' ferskine

FNL 938: 1 en 2

1 Jo, Kris-tus, woen' fer - ski - ne
mei 't wurd fan God om-klaaid,
lit my dêr skûl yn fi - ne,
myn lib-ben stiet sa faai.
Mei al myn mis-te kân-sen,
de skam-te yn myn hert,
mei 'k my dêr - yn fer - skân - zje.
Jo wurd al - lin - ne rêdt.

2. Jo, Kristus, dy't ferskynden
yn wurden út 'e Skrift,
Jo hâlde Jo net blyn
foar wat my lije lit.
Ik gryp Jo mantel fêst en
ik lit net earder los
as dat Jo my genêze,
o seinigje my dochts.

* Oertinking

* Oargelspyljen

* Iepen romte

* Sjonge

Oerein! In ûnferwachte moarn

FNL 630: 1-4

1 Oer-ein! In ûn - fer-wach-te moarn,
de dei fan God is kom-men.
Yn 't tsjus-ter briek in mai-tiid oan,
it hôf tilt op fan blom-men.
It lib-ben briek troch ier-de en stien,
Gods leaf-de hat dit wûn-der dien,
wy ha syn stim fer-nom-men.

2. Hy sei: Do minske, kom derút,
ûntslút dyn deade earen.
Ferlit it grêf dat dy omslút,
neat kin dyn libben keare.
Doe riisd' yn 't iere moantiidsread
de nije Adam út 'e dea.
Hy wol ús 't libben leare.

3. Al wat op wei wie nei de dea
mei no wer hope winne.
Blommen en fûgels, jou Him ear
lykas yn 't ier begjinnen!
De Hear hat ús it libben brocht,
No is it net mear om 'e nocht
te bloeien en te minnen.

4. Oerein! Oerein! Hy giet ús foar,
 Hy hat it grêf ferlitten.
 De moarntiid klinkt as nij en oars,
 jim mei' de nacht ferjitte.
 Hy dy't ús haad is, wiist de wei
 en wy, syn lidden, geane mei
 in nij bestean temjitte.

* Muzyk as ynlieding op it gebed (Blokfluit Erik Bosgraaf)

* Gebeden/stil gebed/frij nei Us Heit

* Kollekte foar: Comfortergroep

Us Comfortergroep makket jierliks in oantal quilts dy't fia it Mennonite Central Committee útdield wurde oan flechtelingen yn flechtelingkampen yn ferskillende lannen.

* Slotliet

Jo binne fierder gien

FNL 607: 1 en 3

2/ Jo binne fierder gien,
 in antlit is ús bleaun,
 In stik fan ús bestean,
 in spoar fan ljocht, in freon.
 Jo ljocht sit my yn't bloed,
 myn lichem is jo dei,
 Jo binn' myn hoop foargoed
 salang't ik libje mei.

* Segen

(Ut: Iona Abbey Worship Book)

F: Yn ús hert en yn ús hûs

A: De Seine fan God

F: Yn ús kommen en yn ús gear

A: De Frede fan God

F: Yn ús libben, op ús syktocht

A: De Leafde fan God

F: By de ein, in nij begjin

A: De Earmen fan God om ús te Untfangen, Thús te bringen

AMEN

Wy gean mei jo se-gen blier-moe-dich ús we-gen,
 jo wurd fan om - he-gen joech ús nij - e moed.
 Hy dy't ús be - hâld is, it ljocht fan 'e wrâld is,
 wol waar-mje wat kâld is mei syn leaf-de - gloed.
 Wat Kris-tus ús lear-de is sied ta be - kea-ring,
 wy sied-zje it op ier-de en wach-tsje op wat komt.
 En ûn-der de hoe-de fan Him dy't ús stjoer-de
 sill' leaf-de en goe-dens aanst dij - e rûn - om.

Wy dôvje de kears en nimme it ljocht yn ús hert mei nei hûs

* * * * *

Mededelingen

Zaterdag 13 juli aanstaande organiseert onze gemeente samen met de Remonstranten en Lutheranen een Voedselbankactie bij de Poiesz in Westeinde. De organisatie is nog dringend op zoek naar mensen die het leuk vinden om een paar uurtjes bij te springen.

Aanmelden kan bij Diederik van Dijk, ✉ diederikar2003@hotmail.com of via sms/whatsapp op: 06 2224 8087.

Als u via een bank-app aan de collecte wilt bijdragen, dan kan dat met deze QR-code:



De diensten worden op video opgenomen en zijn via de website van de gemeente, onder het menu 'Archief Vieringen' tot de daaropvolgende zondag te bekijken. 📺
www.doopsgezindenleeuwarden.nl

Mededelingen voor de liturgie graag uiterlijk donderdag 12.00 uur e-mailen naar: hannabruin@kpnmail.nl en nynke.smit@outlook.com
 Bovenstaande mededelingen vindt u ook op 📺 www.doopsgezindenleeuwarden.nl
 Lieder (NL/FNL) overgenomen uit *Liedboek – Sjonge en bidden in huis en kerk / Lietboek – sjonge en bidde thús en yn tsjerke*